




Psalmtoanen



Ynliskaart Tsjinstboek – in oanset I
© Boekencentrum, Zoetermeer, Netprintsjen ferbean

Lofsang fan Maria

Lukas 1:46-55



Ik loovje de Hear mei hert en siel,*
ik jubelje om God, myn Rêder:
dat Er genedich delsjoen hat op syn lytse faam.*
Dêrom sille fan no ôf alle geslachten my lokkich neame,
omdat Hy dy't de Machtige en de Hillige hjit,*
grutte dingen oan my dien hat.
De geslachten lâns giet syn barmhertichheid*
oer dy't earbied foar Him hawwe.
Hy hat sjen litten de sterkens fan syn earmen,*
de heechhertigen reage Er útinoar.
Hege machthawwers helle Hy del fan 'e troan,*
mar lytse lju holp Er omheech.
Hongerigen hat Hy sêde mei goede jeften,*
mar riken stjoerde Er mei lege hannen fuort.
Hy hat it opnommen foar Israel, syn tsjinner,*
troch te tinken om syn barmhertichheid,
lykas Er ús foarâlden tasein hie,*
Abraham en syn neiteam ta segen, altiten troch.
Eare oan de Heit en de Soan*
en de hillige Geast,
lykas yn it oanbegjin, no en jimmer*
en fan ivichheid oant ivichheid. A-men.

Lofsang fan Simeon

Lukas 2:29-32

No jouwe Jo, Hear, jo tsjinner it frij*
om nei jo tasizzing yn frede hinne te gean;
myn eagen hawwe no ommers de ferlossing sjoen,*
dy't Jo tarèt hawwe foar it each fan alle folken,
in ljocht om de heidens it paad te wizen*
en in gloarje foar jo folk Israel.
Eare oan de Heit en de Soan*
en de hillige Geast,
lykas yn it oanbegjin, no en jimmer*
en fan ivichheid oant ivichheid. A-men.

Psalmtoanen



Lofsang fan Sacharias

Lukas 1:68-79

Heech te priizjen is de Hear, de God fan Israel, *
want genedich hat Er nei syn folk omsjoen °
en it ferlossing brocht.

In rêdende krêft liet Er foar ús opkomme *
yn it hûs fan David, syn tsjinner,
sa't Er tasein hie troch de mûle *
fan dy't de ieuwen lâns syn hillige profeten wienen:
ferlossing fan ús fijannen *
en út 'e macht fan al ús haters.

Meilijen hied Er mei ús foarâlden *
en Hy tocht om syn hillich ferbûn
en om 'e eed dy't Er dien hie oan Abraham, ús heit, *
dat wy sûnder eangst, frij fan fijannen,
Him tsjinje koenen, hillich en from *
foar Him stean, alle dagen.

En do, myn jonkje, silst profet °
fan de Alderheechste neamd wurde, *
want do silst foar Him út gean °
om syn paad ree te meitsjen
en te soargjen dat syn folk kennis kriget fan 'e ferlossing, *
trochdat de sûnden har ferjûn wurde °
fanwegen de ynmoedige barmhertichheid fan ús God,
wêrmei't Er genedich op ús delsjen sil *
as Moarnsrea út 'e himel,

om harren ljocht te bringen, °
dy't sitte yn it tsjustere skaad fan 'e dea *
en ús it paad nei frede op te stjoeren.

Eare oan de Heit en de Soan *
en de hillige Geast,
lykas yn it oanbegjin, no en jimmer *
en fan ivichheid oant ivichheid. A-men.